

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	De Rouwe/Poepjes Underwerp: Evenemintefûns SNN
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	Utgangspunt fan de Steaten fan Fryslân hat altyd west dat SNN, it Gearwurkingsorgaan Noard Nederlân, in slanke útfieringsorganisaasje wêze moat fan subsydzjes. Dêrom wie de FNP-fraksje ferbjustere doe't op de webside en it nijsbrief fan SNN stie dat der in eigen 'Evenemintefûns' oprjochte wurde sil, ûnder oare foar sponsoring fan eveneminten en fan gala's! Dit is boppedat nei inisjatyfnimmers fan kulturele aktiviteiten yn Ljouwert en Fryslân sels ek net goed út te lizzen. Koartlyn waard noch bekend dat de provinsje Fryslân foar 2016 it subsydzje foar ferskate festivals ferlege hat of sels ynlutsen hat*. Ein oktober/begjin novimber krigen de Steateleden in hiel soad brieven, yn 2016 binne ferskate potsjes ôfskaft foar koarbegelieding, lytsskalige kulturele aktiviteiten en it Brûsfûns. En no sil der dan blykber wol ekstra jild nei eveneminten ta gean dy't har net yn Fryslân ôfspylje of net op it Fryske publyk rjochte binne. Dêrom hawwe wy foar jo de folgjende fragen:
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Is it kolleezje op 'e hichte fan it feit dat der in eigen Evenemintefûns fan SNN yn it libben roppen is?2. Is it Kolleezje fan DS it mei ús iens dat it ynstellen fan in nij evenemintefûns grutte fragen oproppe kin yn de Fryske mienskip? Benammen omdat it ôfskaffen fan ferskate Fryske kulturele subsydzjepotsjes dien is ûnder it mom fan 'besunigingen' of 'gjin finânsjes mear' en dat dan in pear moanne letter wol finânsjes beskikber binne foar gala's en sponsoring op noardlik nivo? Hawwe de Kolleezeleden fan Fryslân yn it DB fan SNN ynstimd mei it opsetten fan dit fûns?3. Binne jo it der mei iens dat de tekst op de webside en yn it Nijsbrief fan SNN de suggestje oproppe kin dat elkenien no jild oanfreegje kin foar 'noardlike' eveneminten, dat der gjin maksimum oan steld is en dat it budzjet yn kommende jierren sels noch grutter wurde kin?4. Hoe wol DS fan Fryslân yn it deistich bestjoer fan SNN de oannommen moasje fan de Steaten fan 20 maaie 2015 útfiere? Nammentlik dat de jierlikse ferheging fan de dielnimmers oan SNN net mear bydrage sil as it jierlikse accres en dat SNN sels de tekoarten yn de eigen begrutting opheind?5. Wurde foar dit evenemintefûns ekstra bydragen fan de dielnimmers (gemeenten en provinsjes) frege? Sa ja, wat is it ekstra bedrach fan de provinsje Fryslân? En hoe ferhâldt him dat mei oare provinsjale subsydzjes én belied op dat mêd?

	6. Hoe beoardielje jo it feit dat SNN no in eigen noardlik evenemintefûns opsette wol foar ûnder oare gala's en sponsoring wylst neffens gegevens fan Partoer 26.000 húshâldens yn Fryslân ûnder it sosjale minimum sitte?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Sybren Posthumus
---------------	--

Datum	25 jannewaris 2016
-------	--------------------

*<http://www.omropfryslan.nl/nijs/ljouwerter-festivals-driigje-te-ferdwinen#video>